



# **BLIUW FAN MYN WIIF**

**(Blijf van mijn wijf)**

**In kluchtich blijspul yn trije bedriuwen**

**troch**

**ANNE TERWISSCHA**

**Fryske oersetting fan**

**Griet Reitsma-de Jong**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BLIUW FAN MYN WIIF – BLIJF VAN MIJN WIJF** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ANNE TERWISCCHA** en vertaler: **GRIET REITSMA-DE JONG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2025 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
E-mail: [rechten@toneelfonds.be](mailto:rechten@toneelfonds.be). Telefoon (03)3.66.44.00.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **PERSONAAZJES:**

Eva – dominante eigeneresse fan it ‘blijf-van-mijn-lijf’-hûs (v)

Anja – meiwurkster fan it ‘blijf-van-mijn-lijf’-hûs (v)

Loes- meiwurkster fan it ‘blijf-van-mijn-lijf’-hûs (v)

Irene – suster fan Anja (v)

Harry – ferloofde fan Irene (m)

Nico – sullige konsjerzje yn it ‘blijf-van-mijn-lijf’-hûs (m)

Wendy – dochter fan Eva (v)

Jaap – de nije buorman (m)

## **TOANIEL:**

De doar nei bûten sit rjochts. Yn 'e achterwand sit in doar nei de rest fan it hûs. Tsjin de achterwand stiet in bank, oan de linkerkant ek. Fierder lizze der hjir en dêr wat kessens. Fierdere oanklaaiïng nei eigen ynsjoch.

## **EARSTE BEDRIUW**

*(Eva op fia achter)*

**EVA:** Anja! Loes! (*sjocht om har hinne*) Wêr bliuwe se no? (*docht doar nei rjochts iepen*) Hallo! (*wurdearjend fluitsjen fan achter*) Nee, do net, smearlap! (*smyt doar ticht*) Harrekrastes, moat ik fuort moarns betiid sa'n fize fint sjen? Anja! Loes! (*doar ticht*) Wêr bliuwe jim? (*Eva ôf fia achter; Anja en Loes op fia rjochts*)

**LOES:** Sa, wat stiet der foar hjoed op it programma, Anja?

**ANJA:** Ik soe it net witte, Loes. Neffens my is hjir net ien mear.

**LOES:** Net ien mear? Mar Angeline dan?

**ANJA:** Dy is juster fuortgien.

**LOES:** Fuortgien? Wêrhinne dan?

**ANJA:** Werom nei har man.

**LOES:** Hoesa, werom nei har man? Dy fint wie just de reden dat se hjir siet.

**ANJA:** Ik wit it, mar ik kin it net keare. As sy werom wol dan mei dat.

**LOES:** Mar hoe krijt se it yn 'e kop om werom te gean? Hat se kontakt mei him hân of sa?

**ANJA:** No eh...

**LOES:** Wat no eh..? Hat er hjir soms west?

**ANJA:** (*ûnseker*) It kin wêze dat...

**LOES:** Wat kin wêze? Anja, even foar de dúdlikheid: hat er hjir west of net?

**ANJA:** Eh... in bytsje.

**LOES:** Ja dus! Hoe dan?

**ANJA:** Hy belle hjir oan en...

**LOES:** Hy belle hjir oan! Hoe kin dat? Dit adres is geheim. Wy hawwe gjin úthingboerd mei "blijf-van-mijn-lijf"-hûs oan 'e gevel hingjen. Dy fint hat toch net by elk hûs oanbelle om te sjen oft syn frou dêr wie?

**ANJA:** Nee, wit ik it. Neffens my hie er sa'n app op 'e telefoan om in oare telefoan weromfine te kinnen. En doe hie Angeline har telefoan oan en wie er tichtby genôch om fia de app in seintsje te krijen dat Angeline har telefoan yn 'e buert wie. Op dy manier.

**LOES:** Net bêst, dy nije technyk. Wy moatte elke frou dy't hjir komt de telefoan ynleverje litte om dit foar te kommen.

**ANJA:** Dat kinne wy net meitsje. Wy binne hjir net om de frijheid fan dy froulju noch mear ôf te pakken.

**LOES:** Wy pakke neat fan se ôf. Wy binne hjir just om se op harren gemak te stellen.

*(Eva op fia achter)*

**EVA:** Ah, der binne jim einlings. Ik ha jim oeral socht.

**Anja en LOES:** Goemoarn, Eva.

**EVA:** Goemoarn? Neat goemoarn. Ik waard fannemoarn wekker yn in leech hûs. Der wie gjin mins yn al dy útfanhuzerskeamers dy't ik ta beskikking ha. Gjin mins! Wêr binne al dy froulju dy't bûnt en blau slein binne troch harren mannen? Wêrom binne dy hjir net yn dit hûs? Angelina siet hjir toch? Wêr is dy bedarre?

**LOES:** Ja Anja, lis dat mar ris út oan Eva.

**ANJA:** *(skruten)* Angeline is mei har man meigien.

**EVA:** Mei har man meigien? Hoe kin dat no?

**ANJA:** *(skruten)* Hy belle oan.

**EVA:** Hy belle oan? Want der hinget hjir in úthingboerd mei "blijf-van-mijn-lijf"-hûs' boppe de doar? Sadat al dy slobben hjir oanbelje kinne om harren frou op te heljen om't se ferlet fan in boksbal hawwe?

**ANJA:** Nee, sa wie it net.

**LOES:** Hy fûn har fia sa'n app op syn telefoan om't Angeline har telefoan noch oan stie.

**EVA:** Loes, skriuw op: tenei nimme wy de telefoans yn beslach fan de froulju dy't wy hjir opnimme.

**LOES:** Krekt wat ik sei.

**EVA:** Dy hufter belle hjir dus oan. En doe?

**ANJA:** Doe seach Angeline him.

**EVA:** Ja? En doe?

**ANJA:** Hy kaam deryn om mei har te praten.

**EVA:** Hy kaam deryn? In man?

**ANJA:** Ja?

**EVA:** Regel nûmer 1! Hjir! Komme! Gjin! Manlju!

*(Nico op fia rjochts)*

**NICO:** Goemoarn froulju.

**EVA:** Goemoarn Nico.

**NICO:** Binne der noch dingen dy't gebeure moatte?

**EVA:** Ja Nico, soest even nei it ôffierputsje fan 'e dûs sjen wolle? It wetter wol wer net fuort.

**NICO:** Komt foar de bakker.

*(Nico ôf fia achter)*

**EVA:** Wêr wiene wy?

**ANJA:** Sis, is dit eins net wat apart? Seist krekt dat hjir gjin manlju komme meie, mar Nico rint hjir as konsjerzje de hiele dei om.

**EVA:** Dat is hiel wat oars. Nico telt net mei as man. En dêr komt by, der sil toch ien de putsjes dwaan moatte? Mar dy fint fan Angeline hie hjir dus noait komme mocht.

**ANJA:** It spyt my, Eva. Ik waard oerfallen troch de situaasje. Do en Loes wiene der net en Angeline frege him om deryn te kommen.

**EVA:** Is se hielendal gek wurden? As dy fint har de ôfrûne nacht wer in pak op 'e bealch jûn hat, dan hat se dat fertsjinne.

**ANJA:** O, ik tink net dat dat gebeurd is. Se giene hielendal ferlyfd hjirwei. Hy droech sels har koffer. Hiel galant.

**EVA:** Der bestiet gjin leafde tusken man en frou! Op syn bêst libje se duldsum neist inoar mei in ôfsprutsen wapenstilstân.

**ANJA:** Och Eva, oerdriuwst no net? Der binne ek genôch stellen dy't hiel gelokkich binne.

**EVA:** Gelokkige stellen bestean allinnich mar omdat de man noch net ta slaan kommen is. Manlju binne kuierjende tiidbommen. Oait komme se in kear ta ûntploffing. *(pakt Anja by de skouders en skoddet)* En dan binne wy der foar se! Foar al dy mishannele froulju! Want der bestiet gjin frou dy't it fertsjinnet om mishannele te wurden!

**LOES:** *(komt tuskenbeiden)* Nee Eva, kalm mar. Wy stean oan dyn kant. Mar seist no dat it hiele hûs leech wie? Wêr wie dy dochter fan dy dan?

**EVA:** Wendy? Dy lellebel wie fansels wer ris de hort op. Echt hear, ik freegje my betiden ôf oft se wol echt in dochter fan my is. Mar dêr giet it no net om. Ik freegje my ôf hoe't it kin dat wy gjin inkelde frou yn 'e opfang hawwe. It kin toch net sa wêze dat hjir keamers leech stean wylst bûten froulju bûnt en blau slein wurde?

**ANJA:** Och, miskien falt dat wol wat ta.

**EVA:** Wat seist? Tinkst dat wy hjir om 'e nocht in 'blijf-van-mijn-lijf'-hûs ha? Of om't wy dat leuk fine? Gewoan om't wy oars neat te dwaan hawwe? Want dan haw ik nijs foar jim, dames: as der hjir gjin froulju binne om op te fangen, dan ha 'k gjin wurk foar jim as begelieders. Wat sizze jim dêrfan?

**LOES:** Mar hoe komme wy oan dy froulju? Gewoanwei wachtsje wy oant in dokter of in fertrouwenspersoan se nei ús trochferwiist. Wy kinne se slim sels bûnt en blau slaan en dêrnei hjirhinne bringe.

**EVA:** Gean op 'en paad! Fyn se! Praat mei se! Nim se mei! Moat ik echt alles foarkôgje? Is it wier sa dreech? Lit dy froulju witte dat hjir in feilich plak foar se is.

**LOES:** Ik flean al.

*(Loes ôf fia rjochts)*

**EVA:** En do, Anja?

**ANJA:** Ik eh... sil ek op 'en paad. Froulju sykje.

**EVA:** Moai sa. En betink: gjin froulju, gjin wurk.

*(Eva ôf fia achter)*

**ANJA:** Allemachtich, wat hat dy heks in min sin.

**EVA:** *(docht de doar achter iepen)* Seist noch wat, Anja?

**ANJA:** *(skrikt)* Eh nee, ik gean al. *(De bel giet)* O, wa wit is dêr al ien.

**EVA:** Doch mar gau iepen. En tink derom: allinnich froulju! *(Eva docht doar achter ticht)*

**ANJA:** Ja, ja, it is al goed. *(docht doar rjochts iepen)* Irene?

*(Irene op fia rjochts)*

**IRENE:** Goemoarn, Anja.

**ANJA:** Wat dochsto hjir?

**IRENE:** No sis, mei ik net iens even by myn eigen suske sjen?

**ANJA:** Fansels wol, mar do hast hjir noch noait west.

**IRENE:** Nee, dat is omdatst altyd sa geheimsinnich oer dyn wurk dochst. Do seist datst minsken begeliedst, mar mear wolst der noait oer sizze.

**ANJA:** Dat kin ik ek net. It is net sa handich as it algemien bekend wurdt wat ik doch.

**IRENE:** No, ik bin hjir no toch, dus kinst it no wol sizze. Ik kin in geheim bewarje. Wat minsken begeliedst hjir?

**ANJA:** Dit is een ‘blijf-van-mijn-lijf’-hûs. Ik begelied de froulju dy’t hjir opfongen wurde.

**IRENE:** Watte? Is dit sa’n hûs?

**ANJA:** Ja, mar hâld it asjebleaft foar dy. Myn wurk bestiet út it beskermen fan dy froulju en der foar te soargjen dat se fan harren man ôfkomme. (*even stil, dan drûch*) En as dat net slagget dan gean se wer fleurich mei nei hûs.

**IRENE:** Wat seist? Dat gebeurt toch net?

**ANJA:** Dat is my juster mei in kliïnt oerkommen. Lit mar sitte. De bedoeling fan dit hûs is yn elk gefal net dat wy Jan en alleman hjir deryn litte. Foar Jannie en allefrou leit dat fansels oars.

**IRENE:** Okee, no snap ik dyn geheimsinnigens. Mar ik ha dit adres dus by dyn adresgegevens foar needgefallen fûn. Dat hast my ommers in kear jûn?

**ANJA:** (*skrikt*) Needgefal? O nee, Irene! Do wolst toch net sizze dat Harry...

**IRENE:** (*bliid*) Ja, dat hat er wol.

**ANJA:** Hat er dy slein?

**IRENE:** Harry? Nee, fansels net. Hoe komst derby?

**ANJA:** Sorry, beropsdeformaasje tink ik. Ast hjir lang genôch wurkest, dan mienst nei in skoftke dat alle mannen harren frou mishannelje.

**IRENE:** Harry is wol de lêste dy’t in frou slaan soe. Hy behannelet my as in prinses.

**ANJA:** Mar wêrom bist hjir?

**IRENE:** (*stekt har hân út en lit de ring sjen*) Hjirom! Harry hat my juster frege om mei him te trouwen en ik ha ja sein!

**ANJA:** Wat geweldich, Irene! Lokwinske! (*slacht de earms om har hinne*)

(*Eva op fia achter*)

**EVA:** O, fan herte wolkom, leave frou. (*Anja stapt by Irene wei; Eva slacht de earms om Irene hinne*) Ik bin Eva. Wolkom yn myn hûs. Hoechst net mear bang te wêzen. Wy soarge foar dy. Gjinn man sil dy oait noch oanreitsje.

**IRENE:** No, ik ha leaver...

**EVA:** Kom mar, kom mar efkes mei. (*nimt Irene mei nei de bank en giet sitten*) Sis it mar. Wat hat dy dweil dien? Of is it te pynlik om dêroer te praten?

**IRENE:** Ik eh...

**ANJA:** (*betinkt wat*) Komt dat even goed út!

**IRENE:** Wat?

**ANJA:** Irene kaam hjir yndie oankloppen foar help. Sil ik my earst mar oer har ûntfermje?

**EVA:** Ja, doch dat mar. Dan sil ik sjen oft der al in keamer foar har is.

(*Eva ôf fia achter*)

**IRENE:** In keamer foar my? Doocht dat mins wol? Wat is hjir te rêden? Wêrom seist dat tsjin har?

**ANJA:** Sorry Irene, ik flapte it der samar út en ik hie gjin tiid om it út te lizzen, mar komst eins presys op it goede momint.

**IRENE:** Op it goede momint? Foar wat?

**ANJA:** Om my út 'e brân te helpen. Ik lis it dy wol út. Der wurdt hjir op 't heden gjin inkelde frou opfongen yn dit blijf-van-mijn-lijf'-hûs.

**IRENE:** No, dat liket my in goede reden om de saak op te doeken. As der gjin ferlet is... Boppedat hawwe je neffens my mear wille as lêst fan manlju. En as se dy in lel ferkeapje, dan joust se gewoan in lel werom.

**ANJA:** Sa wurket it miskien foar dy, mar dat jildt net foar elke frou. Hoe dan ek, Eva drige Loes en my fannemoarn dat wy sûnder wurk sitte soene as hjir gjin inkelde frou is om op te fangen.

**IRENE:** Loes?

**ANJA:** Myn kollega. Wy begeliede de froulju dy't hjir opfongen wurde.

**IRENE:** En dy Eva is jim baas?

**ANJA:** Ja, dit hûs is fan har. Se wennet hjir sels ek. It hûs is hiele grut en hat in soad keamers. In jier as wat lyn hat se besletten om der in 'blijf-van-mijn-lijf'-hûs fan te meitsjen.

**IRENE:** Se hat grif jild by de rûs?

**ANJA:** Se hat aardich jild urven, ja.

**IRENE:** En wat wolst dan dat ik doch? Dat ik oan dizze poppekast meidoch en my as in slachtoffer foardoch? Haw ik dat goed begrepen?

**ANJA:** Doch it foar my. It is mar foar in pear dagen. Soest my der hiel bot mei helpe.

**IRENE:** Tsja, dat soe ik dan wol even mei Harry oerlizze moatte.

**ANJA:** No, dan bellest him even.

**IRENE:** Dat is net noadich. Hy is hjir aanst.

**ANJA:** Hy komt hjir aanst?

**IRENE:** Ja, hy siket in plakje foar de auto. It stiet hjir oeral fol. Net normaal, wat in drokte.

**ANJA:** Mar... mar hy mei hjir net komme!

**IRENE:** Hoesa net? Hy mei toch wol even mei syn skoansuster prate?

**ANJA:** Mei Eva yn 'e buert? Sy hat in gleone hekel oan manlju!

**IRENE:** Se is gek. Manlju binne de bêste útfining oait. Mar hoe krijt sy dan har gerak? Of is se miskien....?

**ANJA:** Ik soe it net witte. Se hat yn elk gefal wol in dochter.

**IRENE:** O, se is dus wolris trochsmard?

**ANJA:** No ja, Irene! Soks seist toch net!

**IRENE:** Sorry hear, mar sokke types wurkje my op 'e senuwen. Mar hoe sit it mei de heit?

**ANJA:** Dat wit gjinien. Dêr wol se it net oer ha.

**IRENE:** (*doarbel giet*) Dat sil Harry wol wêze.

**ANJA:** (*docht iepen*) Harry!

*(Harry op fia rjochts)*

**HARRY:** Hoi Anja. It falt noch net ta om hjir in parkearplak te finen, sis.

**ANJA:** *(tutet him)* Lokwinske mei jim ferloving.

**HARRY:** Tankjewol. Irene hat it dus al sein.

**IRENE:** Ik koe it net langer foar my hâlde, leave.

**ANJA:** Wat in geweldich nijs!

**HARRY:** Ja hin? Ik betocht my koartlyn dat ik gjin dei sûnder Irene libje kinne soe. No, dan moatst der wurk fan meitsje, sei ik tsjin mysels. Dus doe haw ik har frege en do witst dus no wat har antwurd wie.

**IRENE:** Ik ha fansels ja sein!

**HARRY:** En no wolle wy it iderien persoanlik fertelle, te begjinnen mei de neiste famylje. *(sjocht om him hinne)* Dus hjir wurkesto gewoanwei? Wat is dit eins?

**ANJA:** Dat eh... moat geheim bliuwe.

**HARRY:** In geheim? No makkest my nijsgjirrich. Is dit miskien it haadkantoar fan de feilichheidstsjinst? Bisto yn it echt in spion, Anja? De froulike 007?

**IRENE:** Doch net sa raar. Mei ik it sizze, Anja? Sit der mar net oer yn, Harry kin in geheim bewarje.

**ANJA:** No, fuort dan mar.

**IRENE:** Harry, dit is in 'blijf-van-mijn-lijf'-hûs.

**HARRY:** Sa'n hûs foar mishannele froulju? Kom dan mar gau mei, Irene. Aanst tinke se noch dat ik dy slein ha.

**IRENE:** Eh, ik tink dat ik hjir bliuw, Harry.

**HARRY:** Watte? Do makkest in grapke.

**IRENE:** Nee, ik mien it.

**HARRY:** Mar wêrom? Wat haw ik dy misdien? Is it om't ik de ôfstânsbetsjinning fan 'e tillefyzje altyd ha? Dan krijsto dy toch? Sa belangryk is de sport no ek wer net.

**IRENE:** Nee, dat is it net. Ik bliuw hjir net fanwegen dy. Ik doch it om Anja te helpen.

**HARRY:** Hoe helpsto Anja troch hjir te bliuwen?

**IRENE:** yn it koart: der binne hjir op dit stuit gjin mishannele froulju om op te fangen, dus Anja driget har baan as begelieder kwyte te reitsjen.

**HARRY:** O, no snap ik it. En no dochst krekt as bin ik in rotsek?

**IRENE:** It giet net om dy, leave. Mar as ik Anja helpe kin troch hjir in pear dagen te bliuwen, dan sjoch ik dêr gjin kwea yn.

**HARRY:** Ik wol. Want dan mis ik dy in pear dagen. Of soe ik hjir tegearre mei dy bliuwe meie?

**ANJA:** Haha, it idee. Eva soe deryn bliuwe.

**HARRY:** Eva? Wa is dat?

**ANJA:** Myn baas. Sy is net sa'n grutte leafhawwer fan mannen. En dan druk ik my hiel fatsoenlik út.

**HARRY:** O, is it sa'nien. *(huvert)* Brr, dêr moat ik neat fan ha.

**EVA:** *(fan achter, sjongend)* Irene?

**ANJA:** *(skrikt)* Dêr silst har hawwe. Harry, do moatst hjir fuortendaliks wei! *(doar achter giet iepen; Harry probearret de doar rjochts te berikken moar sjocht dat dat net op 'e tiid slagget en dûkt achter de bank)*

*(Eva op fia achter)*

**EVA:** Irene? Ik haw al in keamer foar dy klear, leave. Hast fierder noch wat noadich? Do hast neat meinommen, sjoch ik.

**IRENE:** Ik eh...

**EVA:** Dat snap ik, leave. De measte froulju moatte hals oer de kop út harren hûs wei en hawwe gjin tiid mear om wat mei te nimmen. Dat jout neat. Wy keapje wol wat foar dy. Wolsto even nei de winkel, Anja? Wat hast noadich, Irene? Klean, ûnderguod, toiletartikels, gewoan alles?

**IRENE:** Eh...

**EVA:** Gewoan alles dus. Gean mar gau, Anja. Lit alles mar op myn rekken sette, sa as gewoanlik. Ik ûntfermje my hjir wol oer Irene.

**ANJA:** *(twivelet)* Eh.. okee, oant aanst.

*(Anja ôf fia rjochts)*

**EVA:** Sa, kom mar even rêstich sitten, leave. *(gean op 'e bank sitten)* Al dyn soargen binne no foarby, dêr sil ik persoanlik foar soargje.

Do hast in earste stap set en dat is hartstikke goed fan dy. Ik wit hoe muoilik dy stap wêze kin.

**IRENE:** Dat witsto? Bist sels ek troch in man mishannele?

**EVA:** Ikke? Ha, ik moat de man noch tsjinkomme dy't my in reis doart te jaan. Mar lit ús it net oer myn ûnderfining mei mannen ha. It giet no om dy. Wat hat dy man dy oandien?

**IRENE:** O.. eh.. dat wit ik eins net.

**EVA:** O ja, dat herken ik. Ferkringing fan wat der gebeurd is, hjit dat. Dat is in natuerlik meganisme om al dy ellinde oerlibje te kinnen. Dat jout neat. Kinst by my alles kwyd. Goai it der mar út, dêr knapst fan op.

**IRENE:** Eh ja... ik tink dat er it gebrûklike dien hat?

**EVA:** (*happich*) Hat er dy slein ast it iten net klear hiest as er thús kaam?

**IRENE:** O ja, seker. It wie alle dagen raak.

**EVA:** En dy fernederje as syn maten der wiene troch dy as in tsjinstfaam te behanneljen?

**IRENE:** No'tst it seist. Ik ha hiel wat kratten bier oanslepe moatten.

**EVA:** En moastest him alle jûnen te wille wêze, ek ast dêr gjin behoefte oan hiest?

**IRENE:** Gjinn behoefte oan ha? Wannear komt dat foar? (*sjocht de ferbaasde blik fan Eva*) Eh.. ik bedoel, o ja, sa faak. Dan sprate ik myn skonken mar en tocht oan it heitelân, dan wie it it gaust foarby.

**EVA:** Och, earme siel (*slacht de earms om Irene hinne*). Dyn lijen is no foarby. Fan no ôf bist feilich. Do hoechst net mear mei in man te wêzen.

**IRENE:** No, leaver wol.

**EVA:** Wat seist?

**IRENE:** In libben sûnder mannen, ik moat der net oan tinke.

**EVA:** Dat komt om'tst noch kondisjonearre bist om sa te tinken. (*suchtet*) Do likest myn dochter wol.

**IRENE:** Dyn dochter? Mar hasto dan...?

**EVA:** Ja leave, ik haw ek in momint fan swakte hân. Mar ik ha der fan leard.

**IRENE:** Mar wat is der gebeurrd dan?

**EVA:** Och, it gebrûklike ferhaal. Ik tink der leaver net mear oan werom. Ik ha der fan leard en ik bin der sterker út kommen. En der is noch wat goeds út kommen: myn dochter Wendy. As se allinne mar wat mear op har mem like...

**IRENE:** Bern kieze no ienris faak in oare wei as dat heit en mem foar har âlden betocht hawwe.

**EVA:** Ja, mar moat se har dan fuort oan elke jonge oanbiede dy't op har paad komt?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**